

Liturgy foar de twadde snein fan 'e hjerst

yn de Sint Jan fan Deinum

Israelsnein

1 oktober 2023

Psalm voor Ruth

Boven Sions poort staat het: 'Welkom thuis' .

Als je daar bent, weet je het meteen

hier is het , hier moet je altijd zijn

of je nu uit Moab komt, of uit Purmerend.

Hier is begonnen waar alles om begonnen is

Hier ben je geboren, hier is het ontstaan

Hier kom je vandaan, hier hoor je en hoor je erbij

of je nu uit Moab komt, of uit Purmerend.

Wat hier geldt is geldig voor iedereen

van hieruit gaat de hele wereld open.

Deze plek geeft plek aan alle volken

of je nu uit Moab komt, of uit Purmerend

(Karel Eykman bij Psalm 87)

Foargonger: dû.Harrie Strubbe

Oargelist: Rinze Leeverink

Lector: Renske van der Meer-Pasma

-Oargelmusyk
-Wurd fan wolkom en meidielings
-Begjinliet: Psalm 78: 1 en 2

-F. : De Hear wês mei jim!
-Gem.: Syn frede wês mei jo.
-F. : Us helper is de Ivige
-Gem.: Skepper fan himel en ierde
-F. : Wy sykje hjir jo antlit, goede God,
-Gem.: yn it stoarmjen fan 'e tiid.
-F. : Lit ús dan diele yn jo frede
-Gem.: Wol ús heine yn jo goedens.

-Wurd op 'e doarpel: Zacharja 8: 23

*Dit hat de Ivige Almachtich te sizzen:
Yn dy dagen sille tsien man út folken fan alle talen de moed
krije en gryp in Joads man by de tippe fan syn mantel mei de
wurden; wy wolle mei jim, want wy hawwe heard: God is mei
jim.*

-Liet 282: 1 en 3 (steande)

-Kyrie
-Gloria: Psalm 149: 1 en 3

-Gebed fan 'e snein
-Wy ûntstekken de kearsen

-Psalmliêzing: Psalm 87

Foar de Korachiten. In psalm, in liet

*De stêd dy't Er stichte op hillige bergen
dêr hâldt de Heare fan;*

*fan Sions poarten mear as fan alle wensteden fan Jakob.
Prysljike dingen wurde ferteld fan dy, o stêd fan God.
Ik rekkenje Rahab en Babel ta myn kunde,
ja sels Filistea en Tyrus mei Etiopië, as wienen se dêr berne.
Mar fan Sion sizze ze: elk foar oar is dêr berne –
Hy, de Heechste leit it foar har fêst,
De Heare rekkent by it opskriuwen fan 'e folken:
Dy en dy is dêr berne.
De sjongers mei de dûnsers allegearre sjonge se fan dy!*

-Psalm 87: 1 en 2

-Lêzing fan it Epistel: Efeze 2: 11-20 (fragminten)

*Ferjit dêrom net: jimme wiene doedestiids sûnder Kristus,
stienen bûten it boargerrjocht fan Israel en jimme hiene part
noch diel oan 'e ferbûnen dy't rêste op Gods foarsizzing.
Jimme wiene sûnder hope en sûnder God yn 'e wrâld.
Mar no, yn mienskip mei Kristus Jezus, binne jimme, dy't iennis
omfjierrens stiene, tichteby kommen troch de dea fan Kristus.
Want Hysels is ús frede, mei 't Er fan dy twa partyen ien makke
hat en de fijânskip, dy't as in muorre tusken har stie delhelle
hat.
Sa binne jimme net langer frjemden sûnder boargerrjochten
mar jimme binne meiboargers fan Gods folk en húsgenoaten
fan God.*

-Psalm 87: 3 en 4

-Utlis en oertinking

-Liet 771

-Yn betinking: Femmy Bouma-van der Laan

-Foarbeaen en stil gebed, Us Heit (Tuskentiden 229)

God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo Namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd
troch jo eigen bern beskamme.

Buch de folken nei jo wet,
li jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo Namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

-Omtinken foar de kollekte

-Slotliet: Liet 1016

-Seine

-Oargelmusyk

